



MOSKEN

IT WAAR HJOED:



DE DATUM:

In mosk sjochst noait allinne. Mosken trekke yn groepkes mei-inoar op. Sjochst se foaral wêr't huzen binne. Dêrom hite se ek húsmosken. Se binne sa gewoan dat eins gjinien op se let. Mar do dizze kear wol! Want mosken binne moai en aardich.

WAT HAST NEDICH?

- Underlisplaat
- ileestykje
- Potlead
- Wat fynsnijde bôle

A. Gean nei in plak dêr'tst faak mosken sjochst. Strui dêr wat foer. Sykje dêrnei in plak dêr't de mosken dy net goed sjogge, sadatst se rêstich besjen kinst.


B. Komme der al mosken op it foer ôf? Sjoch dan wat se dogge.
Meitsje de goede rûntsjes swart.
De mosken

- ite it foer fuortendaliks op
- nimme it foer mei nei in oar plakje
- jeie inoar fuort
- ite gewoan mei-inoar it iten op

C. Miskien komme der ek oare fûgels op it foer ôf. Wat bart der dan?

D. Der is hiel wat ferskil tusken in mantsjes- en in wyfkesmosk.
Sjoch mar nei de tekeningen hjirneist.
Werkenst no de mantsjes en wyfkes op dyn fûgelplak?

E. Besjoch in mantsjesmosk. Streekje de ferkearde antwurden troch.
In mantsje hat in **GRIIS** / **WYT** / **BRÛN** petsje op.
Op syn kiel sjoch ik in **WYT** / **BRÛN** / **SWART** plak.
Syn nekke is **GRIIS** / **BRÛN** / **SWART**.






- F. Soms fleane mosken ynienen allegear tagelyk fuort.
Bart dat ek no'tst se besjochst?
Besykje te ûntdekkjen wêrom't se dat dogge.

Mosken hawwe in soad fijannen. Meastal sjogge se dy op 'e tiid oankommen. Dat komt om't se yn groepen libje. Mei-inoar sjochst mear dan allinne.

- G. Hoe fleane mosken?



WEAGJEND

SWEVEND

RJOCHTÚT

- H. Mosken kinne flink wat lawaaiskoppe.
Fral as it moai waar is. Harkje mar ris nei harren gekwetter. Hoe klinkt it?
 kra-kra-kra
 suut-suut-suut
 tsjiep-tsjiep-tsjiep

- I. Hast no goed nei mosken sjoen.
Wat is dy it meast opfallen?

.....

Der binne noch trije oare mosken. De ringmosk liket it meast op de húsmosk. Dy heart dan ek by de moskenfamylje. De graupiper (Nederlânsk: heggenmus) en de gersmosk binne gjin echte mosken. Se hite allinne mar sa. Dat komt om't har fleugelkleur op dy fan de mosken lykje. Mar se hearre by oare fûgelfamyljes.

